[0891]

BESPREK

Anthonia Feitsma, ***Tussen Hemsterhuis en Grimm. Joast Hiddes Halbertsma als taalkundige***. Bezorgd door Els van der Geest, Frits van der Kuip en Jan Noordegraaf. Ljouwert (2012), Fryske Akademy – Afûk, 298 pp. ISBN 978 90 6273 895 3.

Yn de withoefolle artikels dy't Tony Feitsma yn har warber libben skreaun hat, komt Joast Halbertsma hast altyd wol even op it aljemint. Yn guon giet it mear yn it bysûnder om Halbertsma en syn plak yn de doetiidske taalkunde. As der in bondeling fan artikels fan Feitsma komme moatte soe, dan koene Halbertsma en de doetiidske taalkunde moai it útgongspunt wurde, moatte de besoargers fan Anthonia Feitsma, *Tussen Hemsterhuis en Grimm. Joast Hiddes Halbertsma als taalkundige* ornearre ha. Dat is no alwer in aardich skoftke lyn: Feitsma libbe doe noch en hat noch meikedize kinnen oer de artikels dy't foar in werútjefte yn in bondel yn de beneaming kamen. De besoargers binne oer in útjefte gear gien en ha har der net maklik ôf makke. It is ommers in hiel gepuzel om in boek ta mear te meitsjen as in samling losse stikken om in tema hinne. Mar dat is har goed slagge. Foaral troch in goeie kar te meitsjen wat de folchoarder fan de stikken oanbelanget, is it boek in moaie ienheid wurden. En al it 'omwurk' – register mei persoansnammen, ferantwurding fan de boarnen, bibliografy en treflike ynlieding fan Jan Noordegraaf – is ek tige yn oarder. Feitsma is ferstoarn doe't it boek noch in lange wei te gean hie. Se wist dat it der komme soe en se wist ek hokker artikels oft deryn komme soene. Mar wist se ek fan it portret dêr't it boek mei iepenet? In kreaze sechtichjierrige Tony, fleurich laitsjend foar in stiiffolle boekekast – men soe it in anagronisme neame kinne, want de artikels binne út de jierren 1994 oant 2003, doe't Feitsma al aardich oer de sechtich wie. Mar it is in hiel moai portret en dat is ek wat wurdich.

De teksten jouwe goed wer hoe't Feitsma jierrenlang besocht hat om de begripen út de taalkunde en de ideeën oer taal en taalstúdzje dy't se by Halbertsma tsjinkaam te ferbinen mei oare taalgelearden fan de ein fan de achttjinde en de earste helte fan de njoggentjinde ieu. De foarnaamste beakens yn dy syktocht binne de grutte fernijers Tiberius Hemsterhuis en Jacob Grimm, sa't de titel kreas oanjout. Mar ek oare achttjinde-ieuske Nederlânske filologen fan foar en nei Hemsterhuis komme foarby, Lambert ten Kate en L.C. Valkenaer bygelyks, en út de Dútske taalkunde oppenearje har in hiele rige grutte nammen, lykas J.D. Michaelis, Wilhelm von Humboldt, Bopp, Pott en Graff. Dêrneist hat Feitsma sjoen nei Halbertsma syn ferhâlding ta it wurk fan de Deen Rasmus Rask en fergeliket se Halbertsma syn taalkundige prinsipes mei dy fan in stik as wat Ingelsken, Joseph Bosworth, John Kemble en Benjamin Thorpe.

Yn de skôgingen komt fan alles oan bod: Halbertsma syn foarkar foar sprutsen taal, syn tinken oer stavering, syn nocht oan dialekten en syn belangstelling foar de lûdferskowingswetten sa't Grimm dy ûntwikkele, en syn krityk dêrop. In grut part fan Feitsma har omtinken giet út nei twa taalkundige begripen: analogy en taalgeast. Dat binne begripen dêr't men net sa maklik fet op kriget, mei omdat se troch de tiid hinne en by de ûnderskate filologen in oare betsjutting krije.

Krekt op it punt fan dy begripen hat de bondeling fan de artikels in grutte mearwearde. Hieltyd wurdt yn de spesifike kontekst fan it artikel in pear kear achterinoar yngien op analogy en taalgeast – de iene kear wiidweidich en foaral mei it each op Hemsterhuis syn gebrûk fan dy begripen, in oare kear tusken noas en lippen troch en mear yn it ljocht fan oerienkomsten en ferskillen tusken Joast Halbertsma en Grimm. En dy werhelling út in hieltyd bytsje oar perspektyf wei helpt om fet op dy begripen te krijen. Feitsma beskriuwt yn it earste artikel hoe't sa'n begryp as analogy al yn de wittenskiplike fernijing fan de betide santjinde ieu brûkt wurdt foar regelmjittigens. Dan folget hoe't achttjinde- en njoggentjinde-ieuske filologen dy't de taalstúdzje ûntwikkelje, dat begryp in ynhâld jouwe dy't har past. En Feitsma lit sjen hoe't de ûnderskate filologen yn har ynterpretaasje fan it begryp elk apart wer fan Halbertsma ferskille. Oan de ein fan de bondel hast dy de hiele ûntjouwing eigen makke, en begrypst wat it betsjut dat foar Halbertsma analogy allinnich gie oer regelmjittigens fan taalfoarmen (net fan syntaksis of idioom), dat dy regelmjittigens in soarte fan natuerlik kreatyf elemint yn him hie, dy't him net allinnich oppenearre yn skreaune talen (Hemsterhuis), mar ek yn de talen en dialekten dy't troch gewoane minsken praten wurde. En hast tsjin dy tiid ek foar it ferstân krigen dat taalgeast (genius) foar Halbertsma it 'frije' aspekt fan de taal is en ta utering komt op it mêd fan syntaksis en idioom, wylst it foar Grimm alles mei regelmjittigens te krijen hat en op it hiele fjild fan de taal belutsen is.

Wat yn de artikels los noch deade stof is, komt yn de bondel ta libben. En dat is fansels klearebare winst. Mar de bondeling lit ek skerp útkomme hoe betreklik oft parallellen yn it wurk fan ferskillende filologen binne, en dat men mei it suggerearjen fan ynfloed o sa oppasse moat. Feitsma is har dêr wat de begripen analogy en taalgeast oanbelanget tige fan bewust. Mar yn oare gefallen is se wolris wat rûger. As it oer de tinkbylden fan de Göttinger gelearde J.D. Michaelis giet, dan folstiet it dat se dêr in soad fan weromsjocht by Halbertsma, dy't in wurk fan Michaelis yn syn boekerij hie. Fan Herder en Von Humboldt hie Halbertsma nammers ek wol wat, stelt Feitsma fêst. Yn it wurk fan dy mannen kin men yndie maklik wat fine dat tinken docht oan nijsgjirrige aspekten fan Halbertsma syn wurk. Mar sa docht Feitsma krekt wat dêr't se oaren foar warskôget. In stik út 1997 begjint sa: 'Joast Halbertsma (1789-1869) is as taalkundige ont no ta meast beskreaun mei it aksint op it Fryske fermidden: syn ferhâlding ta en syn kontakten mei bûtenlânske gelearden binne ornaris net yngeand bestudearre. Sadwaande kamen de oardielen oer Halbertsma fakentiden streekrjocht fuort út de eigen taalkundige ideeën fan de ûndersiker en seine se gauris al safolle oer de beoardieler as oer Halbertsma sels.' (245) Dat moast feitlik net, neffens Feitsma.

Troch har mêd út te wreidzjen nei de bûtenlanske kontakten hat se lykwols net foarkomme kinnen dat har ûndersyk nei Halbertsma ek yn it ferlingde lei fan har eigen taalkundige ideeën. Dêr is ek neat ferkeards oan, soe ik sizze: in minske kin himsels no ien kear net útfeie as er as ûndersiker oan de slach giet. Sa lang as it wurk mar deeglik is, is der neat te rêden. Dat der altyd wat lizzen bliuwt, is net foar te kommen. By Feitsma bliuwt ek genôch lizzen. It hie ommers moai west as se Halbertsma net allinnich fergelike hie mei de grutte nammen út de taalkunde, mar ek mei de mindere goaden. Wa wie bygelyks dy Maittaire, fan wa't Halbertsma seit dat 'de geheele Noordsche taalkennis op losse schroeven blijft staan, zoolang er zich niemand vertoont, die voor de Dialekten van den Germaanschen taalstam datgene doet wat MAITTAIRE heeft gedaan voor die van Griekenland' (sitaat ek yn Feitsma, s. 182)? En moat der net mear ûndersyk dien wurde nei it type fan taalûndersyk fan L.L. Bonaparte, mei wa't Halbertsma yn sechtiger jierren yn ferbân mei syn oersetting fan it Mattheüsevangeelje gearwurke hat? Syn ûndersyk, dat foaral rjochte wie op klanken, wie net 'mainstream', mar is letter wol belangryk wurden. Hawar – sa bliuwt der wat te winskjen oer en sa bliuwt der ek noch wurk te dwaan.

Even werom nei it sitaat fan niiskrekt. Seit dizze bondel yndie mear oer Feitsma as oer Halbertsma? Nee, dat no net drekt. Mar it is ek net sa dat de bondel no sa'n soad oer Halbertsma seit. De bondel seit wat oer taalkunde – en faaks likefolle oer de hjoeddeistige taalkunde as oer dy út de tiid fan Halbertsma. Yn it hjoeddeistich ûndersyk nei de skiednis fan de taalkunde, mar ek wol yn oare tûken fan de moderne wittenskipsskiednis, is it sykjen nei soartgelikense ideeën en begripen by eartiidske gelearden in gebrûklike ûndersyksstrategy. De kontekst fan it ûndersyk fan dy mannen krijt dêrby meastentiids net folle romte. As ûntwikkele de wittenskip him frij fan de wrâld fan aldendei. Wylst de útkomsten fan wittenskiplik ûndersyk gauris fan sok grut maatskiplik belang wiene dat de gelearden har yn de nuverste bochten wringe moasten en har ûndersyk, of yn alle gefallen de presintaasje fan har ûndersyk, troch dy wrâld fan aldendei dus yngeand stjoerd waard. Taalkundich ûndersyk bygelyks wie in kearnpunt yn de útlis fan rjochtsteksten en de bibel, en dat hie wer grutte gefolgen foar it tinken oer politike rjochten en frijheid fan leauwen.

Fan alle filologen dy't Feitsma by lâns giet, soe men witte wolle hoe't dy kontekst op har ûndersyk en de presintaasje dêrfan ynwurke. En men kin jin ôffreegje oft men by Halbertsma sels net by dy kontekst begjinne moatte soe, omdat út syn krewearjen en syn net bot neutrale styl blykt dat it him alderearst om dy maatskiplike prosessen te dwaan wie. Feitsma skriuwt wol dat Halbertsma syn taalstúdzje in swier sosjaal-maatskiplik elemint hie, mar besjocht syn gebrûk fan taalkundige begripen en syn ideeën dochs los dêrfan. Lykas se Halbertsma syn partikuliere styl ek wol opmerkt, mar dêr yn har ûndersyk gjin rekken mei hâldt. Se kreëarret in soarte fan laboratoarium-sitewaasje dêr't se taalkunde-eksperiminten docht, mar dêr't Halbertsma neat te sykjen hat.

Mei dat laboratoarium-ûndersyk komt Feitsma dus net sa lyk tichter by Halbertsma, mar mear by taalkundige kompleksiteiten dêr't Halbertsma ek mei rêde moast. Dizze bondel makket dat se begjinne te libjen, dy kompleksiteiten. Dat is in fertsjinste fan Feitsma en de besoargers meiïnoar. Om de bondel syn ienheid te jaan, ha de besoargers foarmtechnysk aardich wat út de wei sette moatten. Dan giet der fansels altyd wol wat mis, mar dy flaterkes falle finaal wei by de winst fan it gehiel.

Alpita de Jong
Leiden